DE KOEKOEK 40e jaargang nr. 3, november 2025

Beste dorpsgenoten,

En toen was het alweer zo ver. Hoewel de klok een uurtje is teruggedraaid, is het alsof de tijd vliegt. Je merkt er natuurlijk ook niet zo veel van als het uur midden in de nacht wijzigt, tenminste niet op dat moment. Maar als het dan eerder donker wordt en de lichten kunnen weer vroeg aan, tsja. En er zijn toch veel mensen, maar ook dieren die last hebben van dat uurtje terug.

In ieder geval kwamen we als redactie weer bijeen. We bespreken wat er nog open staat aan actiepunten, hoe we er financieel voor staan, en wat er aan kopij binnen is gekomen.
Als de kopij op tijd binnen is, kunnen we dus ook al voorspellen dat het een dikke koekoek wordt. Er zijn de komende weken aardig wat activiteiten die op het programma staan.

Helemaal nieuw is de adventskalender Sumar. In de eerste weken van december staan er in Sumar verschillende deuren open voor een kop koffie/thee, wat lekkers, een hartig woord of een leuk spelletje. Heel verrassend.

Daarnaast nieuws over het donateursconcert van De Lofstem, met medewerking van Marcel Smit. Er staat een verhalenavond op het programma, een afsluiting van de wurkgroep, Sumar 80 jier frij. Wist u dat de voorstelling Nei noed en Lêst, wer frede en rêst ook nog genomineerd is voor de karakteristykpriis Tytsjerksteradiel.

Kort gezegd. Deze koekoek staat weer hartstikke vol. Heel veel leesplezier gewenst.

Oh enneh. Telt u nog steeds de veertigers in de rubriek



De kopijdatum voor de volgende koekoek is **1 december.**

Greta

CLUB SUMAR STOPT

Romke de Vrles

En nee, dit is niet de zoveelste aankondiging van Soldaat van Oranje voor de volgende verkooptruc. Maar toch is het ook niet helemaal het einde. Club Sumar, zoals dat al jaren vanuit de Kerk Sumar wordt georganiseerd houdt op te bestaan. Al jaren werd er voor de jongeren van de 1ste tot en met de 4de klas op de vrijdagavond in de winterperiode een gezellige activiteit georganiseerd. Dit varieerde van een 'ik hou van Holland spel' tot speurtochten door het dorp. Aan Kerst, Sinterklaas en Pasen werd aandacht besteed en er waren ook diverse uitstapjes naar bijvoorbeeld het AZC of het Leger des Heils. Ook werd er ieder jaar de blommenmodderactie georganiseerd en elk seizoen werd afgesloten met een clubkamp.

Echter, door teruglopende animo vanuit de jeugd en ook door het niet kunnen vinden van nieuwe leiding stoppen we er mee. Maar waarom is het dan niet helemaal het einde?

Club Sumar werd vanuit de kerk georganiseerd en was vooral voor de kerkelijke jeugd. Al jaren is gewoon iedereen welkom, maar voor de niet-kerkelijke jeugd merken wij toch dat er een 'drempel' is. Onze activiteiten die we organiseren zijn gericht op het samen leuk hebben en niet meer zo direct aan het geloof te linken. Het is voor iedereen. En waar kan dat misschien ook niet beter dan in het dorpshuis.

Sinds voorgaand jaar staat daar een enthousiast team – team BAS (Berne Activiteiten Sumar) – klaar die ook graag activiteiten voor deze doelgroep organiseert, maar Club Sumar niet in het vaarwater heeft willen zitten. Wij hebben goed contact met hen gehad en omdat hun activiteiten goed aansluiten met ons doel – leuke avonden voor de jeugd organiseren – kiezen wij er voor om een stap terug te doen. Team BAS gaat 1 keer in de maand de soos voor de jeugd open gooien en organiseren een aantal avonden iets 'extra's'. Wij vinden dit een goed alternatief en gericht op het hele dorp. Wij hopen dan ook dat alle jeugd hun plek daar gaan vinden, zodat er voor hen ook leuke activiteiten blijven in het dorp.

CLUB SUMAR STOPT

Romke de Vrles

Wij hebben altijd met veel plezier gezellige avonden voor de jeugd georganiseerd en ook veel lol gehad op clubkamp.
Wij wensen Team BAS veel succes met de organisatie voor de activiteiten!

Groeten,
Liekele, Hiltsje, Jessica, Aaltje en Romke.

SUTELAKSJE 2.0

Greta Hoekstra

Dit jier haw ik in jubileum. Foar de 5de kear gean ik de Sutelaksje 2.0 dwaan. Wêrom skriuw ik 2.0 derefter? Omdat ik net mei in kroade lâns de doarren del kom. Fanwege in beheining hâld ik dat net fol.

At it goed is, dan haw jim yntusken in flyer fan de Sutelaksje yn de brievenbus krigen. Is dat net sa, mar wolle jim graach in flyer, lit it my dan eefkes witte.

Wa foar Sinterklaas, Kryst of samar in moai frysk boek hawwe wol as kado dwaan wol, kin dit mei de bon bestelle. Mear boeken kin ek. Doch der dan in briefke by. Eefkes whats appe mei my as fia facebook sutelaksje Sumar (en dan in pb) is ek goed.

De bon kinne jo ynleverje yn de brievenbus oan de Greate Buorren 61 (by de buorkerij) yn Sumar

Kinst net in boek fine op de list, dan meist ek ris op de webside sjen fan de Afûk, https://webshop.afuk.frl/frl/producten/fryske-boeken/
Ek dy boeken, mar ek oar guod, kin gewoan besteld wurde.

It moaiste is dat 25% fan de opbringst nei it goeie doel giet. Der stiet yntusken 987 euro op de account fan Stichting STOPHersentumoren. Ek dit jier giet de opbringst fan de ferkeap nei dit doel.

SUTELAKSJE 2.0

Greta Hoekstra

It is yn dizze drege tiden net makkelik om jild yn te sammeljen foar in goed doel. Dochs besykje ik om sa wat jild by inoar te skrabjen. Ik hoop dan ek op in moaie opbringst.

Wolle jo op de hichte bliuwe fan de aksje? Folgje dan ek de fb side, Sutelaksje Sumar.

De bon foar it bestellen fan de boeken kin jo ynleverje oant en mei snein 21 novimber 2025. De boeken kinne dan letter by my weihelle wurde, of ik kom it by jim thús bringen.

Ha jo gjin flyer krigen, mar wol jo dy wol graach haw, nim dan ek eefkes kontakt op (06-42504953). Hâldt foar mear ynformaasje de facebookside yn de gaten of wurdt dêr lid fan: sutelaksje Sumar.

Actie*Aksje Sumar actie - STOPhet.nl

BLIKJE/DOPJE

Naast deze actie voor onderzoek naar hersentumoren verzamelen we ook nog steeds het blik, de kroonkurken en klein oud ijzer voor dit goede doel.

Statiegeldblikjes kunnen natuurlijk ook worden gedoneerd. Deze mogen ook bij mij thuis aan de Greate Buorren 61 worden gebracht.

Kortgeleden zijn we de 6000 euro gepasseerd. Niet alleen door het blik dat wordt verzameld aan de Mienskerwei, maar ook door de verschillende donaties. Heel veel dank daarvoor.

Blikje-dopje Sumar actie - STOPhet.nl

LÛD

Sjong mei yn it leukste koar fan Nederlân!

Houd jij van zingen? Of wil je ontdekken hoe leuk samen zingen kan zijn? Doe dan mee met het koor van LÛD!

Op zaterdag 30 mei 2026 sta jij samen met 1.000 zangers, 1.000 muzikanten en bekende Nederlandse artiesten op een indrukwekkend podium in het WTC Expo in Leeuwarden. Een avond vol kippenvelmomenten, energie en verbinding. Een muziekbelevenis die je nooit meer vergeet.

Meidwaan mei dyn koar, mei de freoneploech, de buorlju of gewoan sels? It kin allegear!

LÛD is een uniek muziekproject waarin beginnende én ervaren zangers en muzikanten elkaar vinden. Vanaf februari 2026 repeteer je onder leiding van Jan Hibma, met Sebastiaan Schippers als repetitor. Op het programma staan onder meer Door de wind, Radar Love, Circle of life en Viva la vida. Samen werk je toe naar een bijzonder concert dat raakt, verrast en verbindt.
Zoek jij uitdaging, inspiratie en een flinke dosis plezier? Dan hoor jij bij LÛD!

Meer informatie over de koorrepetities, het repertoire en aanmelding vind je op www.lud.frl. Meielkoar litte we LÛD klinke! Dogge jim mei?



YN ‘E KUNDE KOMME MEI

Maaike Kingma

Wolkom oan de nije ynwenners fan de Hearrewei 13 yn Sumar.



Wat is jim namme?:

Liekele Smedes is opgroeid by syn âlden en suster yn Surhústerfean. Liekele fertelde dat syn beppe Corrie van der Iest eartiids ek oan de Hearrewei yn Sumar wenne hat. Beppe Corrie is mei pake Liekele Smedes troud en binne doe tegearre ferhûze nei Suwâld. Geke Smedes-Hilboezen hat altyd yn it Hearrenfean wenne by har âlden en har broer. Op 30 july 2025 binne Liekele en Geke registreare as partners by de gemeente Tytsjerksteradiel.

YN ‘E KUNDE KOMME MEI *ferfolch* *Maaike Kingma*

Wat is jim leeftiid?:
Liekele is 33 jier en Geke is 34 jier.
Sy kinne elkoar al 16 jier en ha salang thûs wenne om goed te sparjen en dan it hûs fan har dreamen te keapjen.

Wat hat jim yn Sumar brocht?:
Doe't Liekele en Geke safier wienen om in hûs te keapjen dienen sy mei oan de 'Open huis dagen'. Doe't sy yn it hûs yn Sumar kamen wienen sy allebeide fuort hiel entûsjast. It útsicht wie skitterend en it hûs wie kant en klear, sy koenen der sa wol yn. Allebeide hienen sy der fuort ek in hiel goed gefoel by. Sy ha dan ek gau in bod dien sûnder in Makelder yn te skeakeljen. En om witte te litten dat sy it hûs hiel graach keapje woenen, dienen sy der in persoanlike brief by. Dat it holpen hat witte Liekele en Geke net, mar de eigners fan it hûs woenen it har wol ta har blykber. Op 15 jannewaris 2025 krigen sy de kaai fan harren nije hûs en makken sy har it hûs eigen troch wat oare kleurkes op de muorren te dwaan. Sy tochten dat sy der gau yn wenje koenen, mar dat foel harren ôf. De meubels dy't sy útsocht hienen koenen pas yn maaie levere wurde en de gerdinen net earder as yn september. It hat dus noch efkes duorre foardat Liekele en Geke te plak wienen. Yn maaie wie it dan eindelik safier en gienen sy tegearre wenjen oan de Hearrewei 13.

Wat dogge jim oerdei?:
Geke wurket yn de soarch en is op ûnregelmatige tiden oan it wurk, sa ek yn de wykeinen.
Liekele wurket as frachtweinsjauffeur en hellet en bring it frituurfet by in hiel soad horekagelegenheden yn hiel Nederlân. Hy giet moarns rûn in oere as fiif fuort en is jûns ek net hiel betiid thús. Mar gelokkich kin hy alle nachten wol thús by Geke sliepe, teminste as sy net hoecht te wurkjen. As Liekele ris yn it wykein op paad moat, giet Geke graach efkes in dei mei op de frachtauto.

YN ‘E KUNDE KOMME MEI *ferfolch* *Maaike Kingma*

Wat binne jim hobby's?:
Geke hat yn it ferline in soad oan it hynderriden west, mar dat is der de lêste tiid troch drokte en wurkjen wat by bleaun. Yn it koart wol sy wol wer wat oan sport dwaan, bygelyks yn in fitness-sintrum.
Sy dogge tegearre it wurk yn de tún en ha no ek in grut hûs om te ûnderhâlden.
Liekele en Geke sitte graach tegearre te fiskjen oan it Peinder kanaal as gean mei it boatsje fan Liekele syn âlders te farren. Miskien dat sy sels yn de takomst nochris in boatsje keapje.
Ek fine sy it gesellich om tegearre út iten te gean, al meie sy sels ek graach itensiede. Liekele docht dat graach yn de wykeinen en Geke docht it troch de wike. Somtiden gean sy efkes nei de bioskoop, te kuierjen yn de bosk as efkes in slachje troch de Tike en omstreken.
Liekele mei ek graach wat ompiele yn syn hok, it leafst keapet hy in âlde auto om dêr wat mei om te prutsen. As in âlde trekker lykas syn pake hie, in MC Cormick. Hy is ek al yn de kunde kommen mei Jelle Batema en syn old timers. Fierder is hy lid fan de fûgelferiening yn de Westerein en wol yn de takomst miskien wol wat griente yn de tûn ferbouwe. Der binne moochlikheden genôch mei sa'n grutte tûn.
En Liekele en Geke ha de winsk om yn de takomst wat fiere reizen te meitsjen. Te begjinnen nei Curaçao, wer't sy ferline jier ek west binne en oer in jier as wat nei it westen fan Canada.

Wat is jim earste yndruk?:
'Wy ha bêste buorlju om ús hinne' sizze Liekele en Geke, 'wy fiele ús hjir wolkom yn Sumar. En wy ha al meidien oan de brunch tidens it doarpsfeest en dat fielde ek goed. As de measte drokte wat achter de rêch is, sille wy de omjowing wat ferkenne en dan leare wy fansels de Sumarders wat kinnen. Foar de boadskippen gean wy nei Burgum as Garyp en dat is prima te dwaan!'.



Liekele en Geke, tige tank foar it fijne, iepen petear en wy hoopje dat jim jim hiel gau thúsfiele sille op de Hearrewei 13 en yn ús moaie doarp Sumar.

WIE SCHRIJFT DIE BLIJFT *Froukje*

Op leeftijd?

En dan mocht ik onlangs op de laatste dag van september de leeftijd bereiken waarop ik mijn eerste AOW en pensioen kreeg. En...vroegen velen mij, hoe voelt dat? Nou eigenlijk niet anders dan andere jaren, alhoewel er fysiek en mentaal toch wel het èèn en ander is veranderd. Terugkijkend denk ik, en JJ beaamt dit, waar is de tijd gebleven. Je wordt geboren in een familie die jezelf niet uitkiest. Maar ik ben dankbaar dat ik in een liefdevol gezin mocht opgroeien. Naarmate wij ouder werden veranderde de band onderling in positieve zin met ouders, broers en zus, en dat is een natuurlijk een logisch proces. Natuurlijk waren wij het ook niet altijd met elkaar eens en waren er woordenwisselingen, maar onze band is nog altijd goed. Je gaat naar school en maakt vrienden, en een paar zijn vrienden voor het leven geworden. We vonden allemaal de liefde en er werd, toen nog, verloofd en getrouwd. Er werden kinderen geboren en een ieder werd opgeslokt in zijn of haar gezin. Ouders hadden meer zorg nodig, werden minder mobiel. Ook hadden JJ en ik daarnaast ons werk in de zorg en hebben we in de avonduren nog, via opleidingen, de nodige papieren behaald.
Nu zijn we allebei gepensioneerd en dan heb je ineens veel 'vrije' tijd? Maar niet heus, de kalender wordt alleen maar voller en voller. Hoe deden wij dat toen vragen wij ons weleens af. Nou eigenlijk is het antwoord heel simpel, Je was jong en veel flexibeler, je kon voor je gevoel de hele wereld aan. JJ en ik draaiden ons gezin samen daar ik onregelmatige diensten had. En nu...komen er allerhande uitnodigingen met betrekking tot, vrijwillig ergens aan deel te nemen. En dat kan variëren van het ophalen van oud papier tot aan het koffieschenken bij ouderen etc. En ja dan zijn er ook nog de hobby's, JJ is actief in de muziek en het toneel heeft mijn passie, zolang ik de tekst nog kan onthouden. Maar het hoogtepunt op mijn verjaardag was een cadeau van JJ, kinderen en kleinkinderen. Ik ging voor het eerst van mijn leven vliegen. Ik, die altijd riep dat als ik de lucht in moet, wel vleugels had gehad. Maar, wanneer je zo'n mooi cadeau krijgt dan ga je mee in het vliegtuig naar Kreta. En ik vond het fantastisch, en is zeker voor herhaling vatbaar.

NIEUWS VAN DORPSBELANG

Nynke Bosgra

Met ingang van oktober heeft dorpsbelang een brievenbus geplaatst in dorpshuis De Kamp.

Alle inwoners worden uitgenodigd om ideeën of vragen voor bestuur, die niet via de digitale snelweg kunnen worden verzonden in de brievenbus te gooien.

Per mail mag ook altijd nog: dorpsvereniging@sumar.nl

VERHALENAVOND

Wurkgroep Sumar 80 jier frij

Na het succes van het toneelstuk *"Nei noed en lêst, wer frede en rêst"*, dat maar liefst acht keer voor volle zalen in dorpshuis De Kamp werd opgevoerd, sluit de werkgroep **Sumar 80 jier frij** het jaar dat we in Nederland 80 jaar vrij zijn, op een bijzondere manier af.

Op **vrijdag 21 november** doet Sumar namelijk voor het eerst mee aan de **Verhalenavond** – een avond vol verhalen, ontmoeting en saamhorigheid.

Het thema van 2025 is *"Toen ik dapper was"* – een thema dat prachtig aansluit bij het herdenken en vieren van 80 jaar vrijheid. De avond begint in **dorpshuis De Kamp** (Kn. Wytseswei 15 in Sumar), waar vanaf **19.00 uur** de inloop is.

Om **19.15 uur** start de inleiding op het thema en wordt uitgelegd hoe de avond verloopt.

Daarna trekken de bezoekers in kleine groepen te voet het dorp in. Op vier verschillende locaties in Sumar worden verhalen verteld – allemaal op hun eigen manier verbonden met het thema *toen ik dapper was*:

VERHALENAVOND *Wurkgroep Sumar 80 jier frij*

Piter Fennema vertelt over de belevenissen van zijn vader in de Tweede Wereldoorlog.

Froukje Veenstra brengt het verhaal van de familie Hoekstra, bekend uit het toneelstuk *Nei noed en lêst*.

Hieke Haveman vertelt over een jongen van 14 jaar die in de oorlog een moedige keuze moest maken.

Rgat Hagos deelt haar persoonlijke verhaal over Eritrea en haar reis naar Nederland / Sumar – een actueel en persoonlijk verhaal over moed en hoop.

Rond **21.30 uur** komen alle bezoekers weer samen in het dorpshuis voor een gezamenlijke afsluiting en is er gelegenheid om elkaar te ontmoeten en na te praten over de verhalen van de avond.

Zo sluit Sumar het jubileumjaar van 80 jaar vrijheid af zoals het begonnen is: met verbondenheid, emoties en de kracht van verhalen die raken – dichtbij en ver weg, vroeger en nu.

Ps.: bij slecht weer worden de verhalen verteld in het dorpshuis.

We hopen u te ontmoeten op de eerste Verhalenavond in Sumar.

Deelname is geheel gratis.

Wurkgroep Sumar 80 jier frij,

Ids Krol, Alle Hoekstra, Gerda de Vries en Jouke Hoekstra


Verhalenavond
vrijdag 21 november
in Sumar
Met verhalen van:
Piter Fennema, Froukje Veenstra,
Hieke Haveman & Rgat Hagos
Thema: 'Toen ik dapper was'
Vanaf 19.00 uur verzamelen we in dorpshuis De Kamp.
Om 19.15 uur is er een inleiding en daarna wandel je
in kleine groepen door het dorp.
Rond 21.30 uur is de gezamenlijke afsluiting in het dorpshuis
en is er gelegenheid om elkaar te ontmoeten en na te praten.
Bij slecht weer worden de verhalen in het dorpshuis verteld.
Organisatie: Wurkgroep Sumar 80 jier frij

KOFJEMOARNSSKOFTEN 2025/2026

De hjerst is al wer begûn en wy bin ek wer begûn mei ús kofjemoarns-skoften.
Dy binne bedoeld foar de âlderein yn ús doarp. Jo hoege net perfoarst lid te wêzen fan in tsjerke. Eltsenien is wolkom. Freegje dêrom gewoan jo buorfrou, buorman as oare kunde ris mei om dy in gesellige moarn te besoargjen.

De earste kofjemoarn hat op woansdei 22 oktober west. Wy bin starte mei in grif spannende kompetysje “Mens-erger-je-niet”. Der wienen wer fette prizen te winnen.

Miskien is it handich om de oare data alfêst yn jo aginda op te skriuwen:
19 novimber, 21 jannewaris, 18 febrewaris, 18 maart (stamppot).

De moarnsskoften wurde hâlden yn’e Moeting.
De ynrin is fanôf 9.30 oere.
Foar wa’t ferlet hat fan ferfier, dy kontakt opnimme mei Klaas Roorda, telefoan 0512-371972.

Ut namme fan de kommisje:

Harm Wesseling
Tel. 0512-461518.



UITVAARTVERENIGING DE LAATSTE EER

Op 10 maart 1916 is Uitvaartvereniging De Laatste Eer in Sumar opgericht. In 2026 mogen we dus al 110 jaar bestaan. Al meer dan een eeuw staan we in Sumar en omstreken klaar om nabestaanden te helpen bij het afscheid van hun dierbaren.

Wat doet Uitvaartvereniging De Laatste Eer Sumar?
Bij een overlijden komt er in korte tijd veel op nabestaanden af. Onze vereniging helpt bij alles wat geregeld moet worden rond een uitvaart. We kunnen onder andere ondersteunen bij:

- de laatste verzorging en opbaring;
- het regelen van rouwvervoer;
- de keuze van een uitvaartkist;
- het opstellen van rouwkaarten en advertenties;
- het verzorgen van bloemen;
- het afstemmen van de dag en tijd van de uitvaart (begrafenis of crematie);
- het ondersteunen van de nabestaanden in de dagen tot aan de uitvaart én het begeleiden op de dag van de uitvaart zelf.

De Laatste Eer werkt in Sumar samen met twee ervaren uitvaartverzorgers: Jouke Hoekstra en Hiltsje van der Brug-Nicolai. Zij zijn dag en nacht bereikbaar via 0511 482 444.

Daarnaast is de vereniging aangesloten bij Uitvaartverzekering Twenthe, een betrouwbare verzekering die helpt bij het dekken van de kosten van een uitvaart. Meer informatie hierover vindt u op www.twenthe.nl.

Ledenvoordeel
Leden van Uitvaartvereniging De Laatste Eer ontvangen niet alleen begeleiding en ondersteuning, maar ook korting op de uitvaartkosten.

NIEUWS VAN UITVAARTVERENIGING *secretaris*

Naast de ledenkorting geldt er ook korting op de uitvaartkist, het drukwerk, advertenties en bloemen, mits deze via de vereniging worden geleverd.
Onze penningmeester verzorgt de administratie en de afhandeling van de uitvaartnota's, zodat alles netjes en overzichtelijk wordt afgehandeld.

Bestuur
Het bestuur van De Laatste Eer bestaat uit vijf personen. Afgelopen jaar hebben we afscheid moeten nemen van Piet Buma, die enkele jaren de ledenadministratie verzorgde. Piet overleed op 24 februari 2025 en werd tijdens de Algemene Ledenvergadering in april herdacht.

Lid worden?
Leden betalen een jaarlijkse contributie (€ 15,- per jaar). In ruil daarvoor krijgen zij hulp, ondersteuning en een vergoeding bij overlijden.
Kinderen tot 18 jaar zijn gratis lid, mits ze door hun ouders of verzorgers zijn aangemeld bij de vereniging.

Wijziging?
We willen onze leden vragen om bij verhuizing, geboorte of wijziging van contactgegevens dit door te geven, zodat onze administratie actueel blijft. Bij voorkeur onder vermelding van uw lidnummer (dit nummer staat op de ledenkaart).

Voor vragen of wijzigingen kunt u mailen naar info@uitvaartvereniging-sumar.nl – berichten komen dan automatisch bij de secretaris terecht.

Meer informatie?
Heeft u vragen over onze vereniging? Of wilt u – of wil jij – lid worden van Uitvaartvereniging De Laatste Eer? Neem gerust contact met ons op!

Meer informatie vindt u ook op onze website: www.uitvaartvereniging-sumar.nl

VOGELRINGNIEUWS

Bareld Storm

September is de maand dat de eerste zichtbare trek van vogels te zien kan zijn, maar september is voornamelijk de maand dat er vrij veel **Zwartkoppen** over ons land trekken. Toch vingen we ook al een aantal **Vuurgoudhanen**, **Goudhanen**, een **Sijs,** een **Barmsijs** en nog een late **Nachtegaal**. Dit was pas onze tweede. Ook zagen we de aantallen **Koolmezen** al toenemen. Als dat maar goed gaat in oktober.

We kregen in september 973 vogels door de handen, verdeeld over 41 soorten. Dit waren vanuit de opvang 2 **Soepeenden**, 6 **Wilde eenden**, 17 **Houtduiven**, 3 **Holenduiven**, 4 **Turkse tortels**, een **Bontbekplevier**, 2 **Kokmeeuwen**, 4 **Zilvermeeuwen** en 6 **Kleine mantelmeeuwen. D**e **meeuwen** zijn vooral vangsten bij de Fûgelpits en dus eigenlijk geen asielvogels.

Op de Sumarreheide vingen we 31 **Waterrallen**, 2 **Waterhoentjes**, 4 **Kerkuilen,** waarvan twee al waren geringd, een in Burgum en een in Swifterbant. Verder een **Ransuil**, 4 **IJsvogels**, een **Gaai**, 87 **Pimpelmezen**, 135 **Koolmezen**, 3 **Boerenzwaluwen** (nestjongen), een **Staartmees**, 18 **Tjiftjaffen**, een **Rietzanger**, 53 **Kleine karekieten**, een **Bosrietzanger**, een **Spotvogel**, 431 **Zwartkoppen** (hierbij meerdere met ring uit België), 26 **Tuinfluiters**, een **Grasmus**, 2 **Vuurgoudhanen**, 2 **Goudhanen**, 2 **Winterkoningen**, een **Boomkruiper**, 3 **Spreeuwen**, 26 **Zanglijsters**, 5 **Merels**, 42 **Roodborsten**, een **NACHTEGAAL**, 2 **Gekraagde roodstaarten**, 3 **Huismussen**, 36 **Heggenmussen**, een **Sijs** en een **Kleine barmsijs**.

De **Nachtegaal** was voor ons dus de tweede vangst op de Sumarreheide en dat zullen ook nooit grotere aantallen worden, omdat wij aan de noordkant van hun verspreidingsgebied liggen. Het is daarom voor ons een erg interessante soort. Deze soort overwintert in tropisch Afrika en is in april weer terug in ons land, waar hij zijn nest op of vlak boven de grond maakt en 3 tot 7 eieren legt. Ze eten voornamelijk insecten en wormen en vullen dit aan met bessen. Ze zoeken hun eten dan ook voornamelijk op de grond.

VOGELRINGNIEUWS *vervolg* *Bareld Storm*

We weten natuurlijk tijdens het schrijven van dit stuk al wat de eerste helft van oktober ons zal brengen en dat is behoorlijk interessant! Het gaat om gigantische aantallen, waardoor we zelfs genoodzaakt waren om op sommige dagen te stoppen met vangen om het aan te kunnen. Dit was in heel Nederland bij alle ringstations het geval.

Op bijgaande foto de **Nachtegaal** die wij vingen.

Vindt u een vogel met ring of een dier in de problemen, dan horen wij dat natuurlijk graag. Ook voor bijzondere waarnemingen mag u ons op de hoogte houden.

Bareld Storm, Lytse Buorren 24, Sumarreheide, 06-11181841, stormbareld@hotmail.com



LOSSE FLODDER *Tine Strijker*

Verrassingspakket

Vandaag, 26 oktober, is de wintertijd ingegaan. Dat uur extra gebruik ik om deze Losse Flodder te schrijven. Aan onderwerpen geen gebrek en ik probeer er een logisch verhaal van te maken. Zo is er de laatste weken veel bedrijvigheid in Sumar. In een vlot tempo worden glasvezelkabels aangelegd. Hoewel wij op verzoek van het kabellegbedrijf onze auto niet op straat parkeren maar netjes op de oprit zetten, worden we om 7 uur uit bed gebeld. Je schrikt je rot. Moet u nog weg meneer? Nou nee, wij zijn gepensioneerd. Ook goedemorgen en bedankt. De volgende verrassing komt per post. Een dikke brief van de gemeente met ,,iets" erin. Spannend, wat zou het zijn? Een doosje lucifers? Tot onze verbazing is het een fluitje! In de begeleidende brief staat hoe we een noodpakket moeten samenstellen. Een fluitje van een cent toch? Had ik onze dekens nu maar niet weggedaan. Bij een bezoekje aan de Kamp worden we enigszins onaangenaam verrast. De fietsenrekken zijn verdwenen. Zet je fiets altijd met een extra kabelslot ergens aan vast. Waar aan dan? Goeie vraag. Stiekem hoop ik dat er nieuwe fietsstangen komen. Die zet ik alvast op het verlanglijstje voor Sinterklaas.

De goedheiligman is blijkbaar al in Sumar geweest, want op een dag staat er ter hoogte van het Bintje kunstwerk een gloednieuwe betonnen picknicktafel met bijpassende betonnen bank. Hufterproef.. Toch fijn dat in Sumar een betonfabriek staat. Koop lokaal allemaal. Uit zeer betrouwbare bron hoor ik dat er ook zo'n setje op het grasveld bij de scheepswerf stond. Stond ja, want waar is dat setje gebleven? Nader onderzoek van mij levert niets op. Foetsie. Diezelfde betrouwbare bron ziet op een middag dat er een transformatorhok aan de noordkant van de Sonac in de takels hangt. Zo'n hok verdwijnt echt niet. Hij staat inmiddels op het terrein van de Sonac. En tenslotte het bord met de verkiezingsposters van de politieke partijen dat bij de Prinsweg bij de rotonde staat (stond). Een mooie plek, dat wel. Echter, vanuit de auto lees je dat niet (te gevaarlijk) en op de fiets ook niet.


Ik heb wel een idee. Zet bij de gemeenteraadsverkiezingen in 2026 het bord pontificaal boven op de rotonde, zichtbaar voor iedereen. Wel goed vastzetten, want het huidige bord hangt nu scheef. 't Is maar een suggestie.

Ut it argyf fan Sumar

Yn de foarige beide doarpskranten ha ik skreaun oer de earste fiif hûzen oan de Heidereed. D'r bliuwe noch twa húskes oer, dy't beide al ferdwûn binne. Oer dizze wenningen en harren bewenners giet it tredde en lêste artikeltsje.

De Heidereed wie doe ek al in sânpaad. De boeren giene mei hynder en wein oer de reed en dêr waard it paad yn de wiete tiid fan it jier net better fan. Oan de sydkant wie in lyts paadsje ôfset mei pealtsjes. Dêr koe men noch wol fatsoenlik fytse, mar benammen winterdeis wie it in rot paad.

Yn 1958 wennen Teunis en Gryt Postma oan de Heidereed nûmer 9. Hja hiene twa lytse berntsjes; ien fan in heal jier en ien fan goed twa jier. Teunis wurke op it molkfabryk yn Burgum.
Doe't de Postma's op de heide kamen te wenjen gie bakker Elverdink der hinne om klandyzje te freegjen. Sy krigen, as net-Sumarders in oranjekoeke fan de bakker.
Gryt hie net it measte kontakt mei de buorlju. Sy kaam wol oer de flier by buorfrou Wyts Posthuma. Dy hie altyd in lange rok oan dy't alhiel oant de grûn ta kaam.



UT IT ARGYF FAN SUMAR ferfolch *Ids Krol*

Ut it lân wei winke Wyts har jonge buorfrou en frege har op ‘e kofje. ‘Ik sjoch wol datst swier bist hjer. Moast mar gau in beker waarme molke ha’. Wyts wie in tige freonlik frommes.
Teunis en Gryt wennen yn in lyts hûske. It wie boud fan reade stien en dekt mei reid. It hûs hie in lyts keammerke. Achter yn dat keammerke wiene twa bedsteden en dêr tusken in diggelkast. Achter de keamer wie in lyts keukentsje. It hûs hie wol in souder, mar dy wie sa plat dat men der allinnich mar wat guod op skowe koe. It hûs wie fan Sipke de Vries, dy’t mei syn broer Taeke in eintsje fierder oan de Trambaan wenne.

Lyk foar hûs stie in pomp, wêr’t hearlik drinkwetter út kaam. Soms stie de pomp droech; dan moasten hja him wer eefkes oan ‘e gong helpe. Njonken de pomp stie de hutte. Der wiene gjin nutsfoarsjennings. Men hie ljocht fan in peteroaljelampe. Yn de keamer stie in swarte-brân-kachel.

It wie begjin jannewaris 1958. Teunis en Gryt hiene in feestje fan it fabryk. Har suster en de man soene op de bern passe. Men krige net al te faak besite, dat jo pakten út as der ris folk oer de flier kaam. By bakker Elverdink waarden koekjes kocht. Leafst stikkene, want dy wiene de helte goedkeaper. Men helle by de Koekoek twa maatsjes op: foar de froulju twa romers ‘bessen’ en foar de manlju twa gleskes jonge jenever. Eins mocht dat net barre, mar it wiene altyd hiele gesellige jûntiden.
Moarns ier, it wie in oere as fiif, soe Teunis nei syn wurk. Hy hie yn de keuken by it ljocht fan in peteroaljelampke krekt syn brochje ree makke. ‘It kin wol hagelje’ sei er. It wie gjin hagel, mar it geknetter fan fjoer. It hûske stie yn ljochte lôge. Yn in omsjoch wie der neat mear fan oer. Gelokkich koene de bewenners op ‘e tiid fuort komme. Fan'e ynboel koe neat rêden wurde, alles waard in proai fan ‘e flammen. Al gau kaam de boargemaster ek te sjen.
Letter die bliken dat it fjoer yn de keuken begûn is, nei alle gedachten troch de lampe.

Krekt fierder oan ’e reed stie noch in hûske. Hjir wennen Reinder en Syts Kloosterman mei harren fjouwer bern.

UT IT ARGYF FAN SUMAR vervolg *Ids Krol*

Reinder wie boerefeint by Jelke en Pytsje Algra. Yn de oarloch ried Reinder twa kear deis foar Jelke mei sân nei it fleanfjild fan Ljouwert. It hûs wie eigendom fan Pytsje en hie syn bêste tiid al wat hân. Hjir wiene ek twa bedsteden yn de keamer en tusken it geitehok en de keamer wiene noch twa sliepplakken. Fia in trepke yn it geitehok koe men op de souder komme.
Njonken it hûske stie in lytse fjoerhutte. Fierder wie der noch in dobbe, in pomp op in wel mei it alderlekkerste wetter en in kakhúske mei in tonne. Men hie fansels noch nea heard fan 'toiletpapier'. Men brûkte in âlde krante om it gat mei skjin te meitsjen. De ynhâld fan de tonne waard nei ferrin fan tiid lege ûnder de fruchtbeammen. Meastentiids makke men earst in ring om de beammen sa dat de ynhâld hielendal te'n goede kaam oan de beammen.
It wie begjin desimber 1954. De bern fan de Heide soene sinteklazejeie, doe't der in hurde wyn op stuts. In flaach krige gryp op it hûske en de efterkant sakke yninoar. De wenning wie 'onbewoonbaar' en de famylje Kloosterman koe al rillegau te plak yn 'e dunen, krekt fierder op 'e heide.

It libben op de heide wie dreech healwei de foarige ieu. De minsken hiene it séker net maklik. It wie behelpen, mar de minsken wiene mei it bytsje tefreden en wiene it oer ien ding iens: 'It wenne der hiel moai!' No noch is it ien fan de moaiste plakjes fan ús doarp!



IEPEN DOARREN YN DE ADVINTSTIID *Wurkgroep*

Dit jier organisearje wy yn Sumar **'in Advintskalinder troch Sumar'**. In inisjatyf wêrby elke dei yn de advintsperioade (desimber) earne yn ús doarp in doar iepenstiet om elkoar te moetsjen.

Wy binne dêrfoar op syk gien nei minsken dy't harren doar in dei yn desimber iepen sette wolle en dat is boppe ferwachting tige slagge.

M**iddeis tusken 14:30-16:00 oere en jûns tusken 19:00-20:30 oere** sitte de gastgesinnen klear foar in hiel ienfâldich moetsjen. Wat jo ferwachtsje kinne is in bakje kofje as tee, in lústerjend ear, in earm om it skouder, in petearke, wat kreatyfs..... Ek is elkenien wolkom yn de tsjinsten op snein en yn de krystdagen. Op 2 saterdeimiddeis kinne jo noflik nei it oargelspul fan Geert as Griet lústerje as meidwaan oan de Krystkuier fan de bernenjonkentsjinst. Sintraal stiet de romte om elkoar te moetsjen.

